

Foaropwurd

Yn 2017 waard op ferskate wizen omtinken jûn oan it 500-jierrich jubileum fan it Fryske frijheidsprivileezje. Ferspraat oer it jier waarden yn it Provinsjehûs te Ljouwert, yn it ramt fan ‘Wolkom op ‘e lêste tongersdei fan ‘e moanne’, lêzings organisearre foar in breed publyk oer de betsjutting fan ‘e ‘Fryske frijheid’ troch de iuwen hinne. Sa kamen ûnder oaren de Fryslân-kenners en professoaren Yme Kuiper en Goffe Jensma oan it wurd oer respektivelik it belang fan ‘e ‘Fryske frijheid’ yn ‘e patriottetiid en yn ‘e njoggentjinde iuw.

Fierder wie op 30 septimber yn Tresoar, yn oparbeidzjen mei de Fryske Akademy en ‘e Thorbecke Akademy foar Bestjoerskunde, in symposium, dêr’t de betsjutting fan ‘e histoaryske ‘Fryske frijheid’ yn it ramt fan it moderne Europa fan ‘e regio’s op oan ‘e oarder kaam. Sprekkers wiene kollumnist en âld-Twadde Keamerlid Arend Jan Bokestijn (VVD), de Fryske deputearre Johannes Kramer (FNP) en ‘e histoaryske Oebele Vries (Fryske Akademy), Hans Cools (KU Leuven) en Jelte Olthof (Ryksuniversiteit Grins).

It hichtepunt fan it jubileum wie it feestlik ûntbleatsjen fan in faksimilee fan it oarspronklike Sigismund frijheidsprivileezje op it Provinsjehûs troch kommissaris fan ‘e Kening Arno Brok op 28 septimber. Oebele Vries, ekspert op it mêd fan it midsiuwsk Frysk rjocht, miste ek hjir net en joech mei Tresoar-direkteur Bert Looper sjeu oan it barren, troch yn twa lêzings yn te gean op it belang fan it privileezje yn it ferline en it hjoed. It orizjineel fan it privileezje wurdt bewarre yn Tresoar en koe op it boppeneamde symposium yn ‘e oarspronklike gloarje troch de oanwêzigen bewûndere wurde.

De redaksje fan *It Beaken* wol op eigen wize stil stean by it belang fan ‘e ‘Fryske frijheid’ en hat in stikmannich fan ‘e sprekkers op boppeneamde gelegenheden ree fûn om harren bydragen foar dizze ôflevering fan *It Beaken* om te wurkjen ta in artikel. Dy artikels hat de redaksje oanfolle mei twa bydragen fan respektivelik Eric Hoekstra en Kees Draaisma, dy’t allyksa in yndruk jouwe fan it belang fan ‘e ‘Fryske frijheid’ troch de iuwen hinne.

Dit nûmer iepenet mei in artikel oer de oarsprong en ‘e betsjutting fan it konsept fan ‘e ‘Fryske frijheid’ fan ‘e hân fan Oebele Vries. Vries wie oant syn pensjonearring ferbûn oan ‘e fakgroep Frysk fan ‘e Ryksuniversiteit Grins en is no warber as gastûndersiker by de Fryske Akademy. Hy is

sûnder mis dé ekspert op it mêd fan 'e skiednis fan it frijheidsprivileezje. Jelte Olthof, earder meiwurker fan 'e Fryske Akademy en no redakteur fan *It Beaken* en ferbûn oan 'e fargroep Amerikanistyk fan 'e Ryksuniversiteit Grins, giet yn syn artikel yn op 'e feroarjende betsjutting fan it frijheidsbegryp yn 'e lette achttjinde iuw – de perioade fan 'e Transatlantyske revolúsjes. Olthof lit sjen, dat it begryp 'Fryske frijheid' troch de Fryske revolúsjonêren brûkt waard om 'e autonomy fan 'e provinsje yn 'e nije Bataafske Republyk te garandearjen, mar dat it konflikt mei ûnder oaren Hollân op it lêst ek de deastek betsjutte foar de 'Fryske frijheid' yn politike sin.

Goffe Jensma, heechlearaar Frysk oan 'e Ryksuniversiteit Grins, lit yn syn artikel sjen hoe't de 'Fryske frijheid' sûnt it begjin fan 'e njoggentjinde iuw in nije, kultuer-nasjonalistyske, lading krige. Oan 'e hân fan skoalboeken, gedichten en opstellen yllustrearret Jensma hoe't de frijheidssucht as de essinsje fan 'e Fryske folksaard foarsteld waard en net tsjinoer, mar, krektoarsom, as ferlingstik fan 'e Nederlânske identiteit presintearre waard.

Yn syn artikel oer de bekende (en letter betochte) spreuk 'Wy Friezen knibbelje allinne foar God' giet taalkundige Eric Hoekstra (Fryske Akademy) fierder as de myte en op 'e siik nei wat oft de populariteit fan dizze oerlevering werklik seit oer (de) Fryske identiteit. Hoekstra wiist dêrby op 'e opmerklike parallellen fan it ferhaal mei passaazjes yn it Alde Testamint fan 'e Bibel en op 'e affiniteit dy't guon Friezen fiele mei de Joaden as útkard folk. Hy lit sjen, dat de sterke sizzingskrêft fan it ferhaal ynsjoch jout yn it wêzen fan ('e) Fryske identiteit.

Yn it fyfde en lêste artikel sjocht Kees Draaisma, skriuwer en amateur-histoarikus, foarút nei de eventuele earstfolgjende Caspar de Roblesbetinking (yn 2026) en besiket er myte en werklikheid fan inoar te skieden oer Caspar syn anneksens mei de ivige striid fan 'e Friezen tsjin it seewetter. In kwestje yn 'e sechstjinde iuw, dêr't 'Fryske frijheid' ek dúdlik in rol by spile.

Ut namme fan 'e redaksje fan *It Beaken*,
Jelte Olthof

